

FD 23/7/03

# Fertild oan dûbele aginda

Vincent van Gogh, dy't dit jier 150 jier lyn berne is, ynspirearre de yn Frankryk wjende skriuwer Josse de Haan ta in roman, dêr't it libben fan dizze skilder yn ferwurke is. It omkaft fan de roman *Nanette* suggerearret dat de roman giet oer in moeting tusken Nanette, de oerpakesizzer fan Vincent van Gogh en skriuwer-keunsthistoarikus David, in wat frjemde kwast dy't hielendal gek is fan dizze skilder. Al lêzende wurdt dúdlik dat de dûbele aginda fan de twa personaazjes alles mei seks en eroatyk te krijen hat.

**GERBRICH VAN DER MEER**

Doe't Anne Wadman yn de sechtiger jierren de yn dy tiid tabútrochbrekkende roman *De smearlappen* skreau, hie er net tinke kinnen dat der fjirtich jier letter sa frij oer it seksuele genot skreaun wurde soe. It beskriuwen fan de died is no sa stadichoan wol riem wurden. Mar dat it genot sa breed en frijmoedich útmetten wurdt, is by myn witten yn de Fryske literatuer noch net earder fertoand. De Haan waard ynspirearre ta it skriuwen fan dizze roman troch in sin dy't Van Gogh yn 1888 yn in brief skreaun hie: „Ik ha besocht en byldzje mei it read en grien de ferskriklike hertstochten út fan de mins.”

Mei dizze roman hat De Haan in link lizze wollen tusken de byldzjende keunst en de hertstochten fan de minske. Dochs bekrûpt jo ek wol wat it gefoel dat de skriuwer mei syn partikuliere fyzje op seks en eroatyk de Fryske literatuer emansipearje wollen hat. Alderhanne foarmen fan seks wurde yn *Nanette* wol efkes neamd of praktisearre lykas seks tusken in wite man en in wite frou, seks tusken in wite man en in swarte frou, seks mei mem en dochter, seks tusken broer en suster en seks mei in kat.

Mar it gie dochs oer dy moeting tusken de oerpakesizzer fan Vincent van Gogh, Nanette en de keunsthistoarikus David? Ja, ek. Op in dei


komt der in brief fan in ûnbekende noarderling, dy't as keunsthistoarikus op 'e siik is nei de ûntbrekkende keatlings yn it ferhaal fan Van Gogh. In tal nea fûne bleatstúdzjes fan dy skilder spylje dêr in wichtige rol yn.

As by tafal is de brief by Nanette oankommen, in oerpakesizzer fan Vincent van Gogh. Sy hat allegearre brieven en skilderingen yn it behear krigen doe't har beppe, ek in Nanette stoar. It docht bliken: yn dizze generaasje krige famke op famke deselde namme. Dizze fjirde Nanette yn 'e rige hellel alles út de kast om efter it kreative ferline fan harsels te kommen.

De ûnferwachte brief fan de noardeling bringt har út it lykwicht, mar dochs beslút se him út te noegjen. Nei dy útnoeging, moat de lêzer noch tolve haadstikken troch foar't de twa minsken elkoar úteinlik moetsje op Rue de Vincent- hoe is it mooglik- nûmer 69. It docht bliken dat Nanette en de keunsthistoarikus folle mear mei elkoar te krijen hawwe as se ea foar mooglik hâlden hiene.

**Ferline**

Der binne mear ferhaallinen: it ferhaal fan David dy't noch altyd mei syn suster omtangele sit. Syn suster is jierren lyn nei Amearika ta set, om't se ôfstân nimme woe fan har broer en fan har ferline. Broer en suster moasten yn 'e twadde



Skriuwer Josse de Haan hat him ynspirearre litte troch it libben fan Vincent van Gogh. : ANP

wrâldkriich nammentlik ûnderdûke. Yn dy tiid is it famke misbrúkt en flak dêrnei hat se noch in miscream hân.

Dan de ferhaalline fan David dy't op syn reis nei Nanette yn Frankryk in swarte frou moetet, yn har syn eigen suster wer werom ken en troch har ferlaat wurdt. En

dan is der noch it ferhaal fan Nanette dy't har net begrepen fielt troch har eks. Hy soe har ferwiten hawwe oan it ferline fêst te sitten, hy soe har brûke as 'strykplanke' en hy soe in keunstferfalsker wêze.

De ferskillende ferhaallinen hawwe in spiegel funksje. It ferhaal fan de oerpakesizzer Nanette dy't

op 'e siik is nei har ferline en har ferline net loslitte kin salang't se de ferburgen skilderwurken as in geheim meidraacht, kin spegele wurde oan de swarte frou en de suster fan de keunsthistoarikus dy't it ferline wól loslitte om sa wer in takomst op te bouwen.

It ferhaal fan Van Gogh dy't mei meardere froulju it bêd dielt, kin min of te mear spegele wurde oan it ferhaal fan David. Op side 241 wurdt dat nochris (te) eksplisyt ûnderstreke: „Lykas Van Gogh hat er no ek in frou mei in dochter. Noch net ien yn bêd, mar it begjint der op te lykjen. Syn suster kin der ek noch wol by, as Madame Ginoux.”

David wurdt wer oan Nanette spegele trochdat ek hy syn ferline net loslitte kin yn de persoan fan syn suster en har weromfynt yn in swarte frou. Dêrneist hat Josse de Haan it spiegeljen hiel letterlik brûkt troch de trije bleatstúdzjes fan Van Gogh yn de spiegels fan gienet wjerkeatse te litten.

Dochs oertsjûge de ferhalen, dêr't in soad klisjeebylden yn foarkomme en dêr't De Haan him betiden ferliest yn syn assosjatyf skriuwen, net. Oan 'e iene kant liket it oft de fantasy mei De Haan op 'e rin gongen is, oan 'e oare kant liket it oft De Haan it ferhaal te ûnderharrich oan syn konsept wêze litten hat; dat er dêr alles nei ta skreaun hat, ta skea fan in werklike psychologyske ûntjouwing fan de haadpersonaazjes.

It fêsthâlden oan syn konsept hat him twongen personaazjes te yntrodusearjen dy't net fundamenteel bijdrage oan it ferhaal lykas de eks fan Nanette en de swarte frou. Jo krije it idee dat David in inestueuze relaasje mei syn suster hie om letter in parrallel lûke te kinnen mei Nanette en madame Ginoux. En fêst sit der in moai psychologysk ferhaal efter de sêne wêryn't David de swarte frou it dramatyske ferhaal fan syn suster fertelt, komb-

inearre mei in, noflik opstreakjen fan elkoar, mar dochs krije jo it idee dat De Haan him yn sa'n pas-saazje te folle liede litte hat troch syn seksuele emansjipaasje.

Al mei al is it dreech om grip te krijen op de ferhaallinen. Dat hat der ek mei te krijen dat De Haan de lêzer net genôch hânsels jout om it ferhaal te folgjen of te grutte begrypssprongen makket. Yn de roman komme hiel wat personaazjes foar, mar sa hawwe of allegearre de selde namme (Nanette) of se hawwe der gjin, of se krije him pas yn it lêste haadstik (David).

En wat te sizzen fan de brief, dêr't de roman mei ynset en dêr't júst wer allegearre nammen oer elkoar hinne rûgelje, dêr't de lêzer yn dy faze fan lêzen noch gjin tou oan fêstknope kin. Ek is konsistinsje net in sterk punt fan de skriuwer. Dat David Nanette op it lêst dochs net fertroud is sa net oannimlik, sjoen de foargeande siden.

**Ferrykje**

Josse de Haan hat mei syn roman *Nanette* heech ynsetten. Hy woe wat mei de skiednis fan Vincent van Gogh; hy woe in ferbining lizze tusken de skilderijen fan Van Gogh en syn brieven; hy woe de Fryske literatuer ferrykje mei in bêste doasis seks, hy woe yn in spiegel ferhaal de skiednis fan Van Gogh werhelje litte. Hy woe psychologysk djip grave. Dêrneist woe er ek noch postmodernistyske skaaimerken ferwurkje en kompositoarysk kreatyf wêze.

Hy hat him fertild. Wat hingjen bliuwt is net in hecht ferhaal, dêr't de lêzer him yn meislepe litte kin, mar in betiizjende roman dêr't de lêzer yn it doalhof fan literêre tûkelteammen it te faak sitte litte moat.

**Nanette.** Josse de Haan. Koperative Utjouwerij. 248 siden. Priis 15 euro.